

## It ûnthâldboek

1. Pake en ik hawwe werklik wat moais makke: syn grutte ûnthâldboek.
2. Ik kaam wol trije kear wyks by pake om der oan te wurkjen en it waard prachtich.
3. Pake fertelde my in soad ferhalen, dy't ik earder noch nooit heard hie.
4. Oer syn mem dy't in jaske foar him naaid hie út in moalsek.
5. Dat kaam om't der krekt nei de oarloch sa'n krapte oan kleantsjes wie.
6. Of oer dy kear bygelyks dat er de Alvestêdetocht riden hie.
7. Soms moasten wy wolris gûle, as wy tegearre soks bepraten.
8. Mar wy hiene ek in soad wille en skuorden ús bytiden de bûsen út.
9. It skriuwen fan it Frysk waard hieltyd better.
10. As ik in wurd net wist, socht ik it op yn pakes wurdboek en dan korrizjearre ik it.